

Songteksten wêzentlik by Bouke van der

FDD 15-4-'6

Hem

troch **Jitske Brüner**

Arjen Wy-be-ren Rom-sma'. Sis dizze namme mar ris lûdop en jim hearre hoe't je de namme hast sjonge kinne, as wie it in part fan in songtekst. Dat is ek de ynstek fan Van der Hem (1946), dy't mei It Poadiumbeest syn twadde roman skreaun hat. Hy debutearre yn 2002 mei de goed ûntfongen ferhaleroman Sloppe Opels. It Poadiumbeest is in weardige opfolger dêrfan.

Arjen Wyberen Romsma, Aawé neamd troch syn 'beest' Jilles, is in jonge dy't grut wurdt yn 'e Súdwesthoeke en him besiket ôf te setten tsjin alles dêr't er in hekel oan hat. Dat is fansels in soad foar in puber yn 'e jierren sechstich. In noazem meist Arjen net neame. Dêr is er al nei op syk, nei in 'beest', sa't er it sels neamt, foar yn syn

band The Beasts. Arjen is drok dwaande mei it skriuwen fan songteksten, bygelyks 'Lonely boy, boring town/ call it a city, call him a clown/ that still brings nobody around/ nothing but this lonesome sound'. En: 'searching man, empty town/ call it a city, call him a clown: / still brings nobody around.' Sa fielt er him, in pionier yn 'e Súdwesthoeke. Bygelyks op it mêd fan it sjongen fan covers fan de Rolling Stones, de Beatles, Jimmi Hendrix en The Who by harren optredens yn dy streek. By ien fan dy optredens yntrodusearret Jilles him troch it poadium op te stappen, in gitaar te pakken en in solo te spyljen. De band hat syn 'beest' en de songtekst fan Arjen feroaret mei it kommen fan Jilles yn: 'fighting man, hostile town/ even this city can't get him down/ cause he will keep the stand/ nothing beats a rock-'n-roll-band!'

Van der Hem brûkt frazes fan songteksten yn syn roman. Ik haw

dat earder sjoen yn it jeugdboek Morgen Wendy fan Shelly Stoehr. Yn dat boek is der in sabearre persoan dy't de haadrolspylster advizen jout oer it libben mei boadskippen út songteksten fan renommarre bands en artysten. Dizze skriuwer brûkt de stikjes songtekst fan de bands om de ferskillen yn tinkwiizen en de feroarjende muzyksmaak fan Arjen en Jilles oan te jaan. Jilles moat neat hawwe fan polityk, kranten, skoalle of wat der fierder yn 'e wrâld spilet yn tsjinstelling ta Arjen mei syn linkse ideeën. Dêrneist stie Jilles bekend as in womanizer, mar nei in optreden dat út de hân rûn yn Raerd ûntsteane der wat twifels oer dy rol fan him.

It Poadiumbeest is opboud út trije parten. It earste part spilet him yn Fryslân en Grins ôf tusken 1963 en 1973. Van der Hem beskriuwt hjir de op en delgong fan in band tsjin de eftergrûn fan de 'eindeleze' jierren sechstich mei yn 'e haadrol Arjen en Jilles. It twadde

part spilet him 29 jier letter yn Slowakije ôf, yn 'e moanne april fan 2002. Jilles is dêr kommen te wenjen en Arjen siket him op. Lang duorret de reuny net. Se binne frjemden fan elkoar wurden en hoe't Arjen ek besiket dat te feroarjen, it slagget him net. It lot belist oars. Dêrmei bliuwt it in riedsel foar him wêrom't syn a-polityke freon in tatoeazje fan in heakkekrús hie en wêrom't er yn neofaksistyske rûnten ferkearde. Seach er wier net fierder as de muzyk en ferkearde er dêrom yn dy kringen? Of wie er net allinnich op it poadium in 'beest', mar ek derbûten? Net allinnich Arjen, ek de lêzer kriget dêr spitigernôch gjin antwurd op om't it net ta in petear komt tusken Arjen en Jilles. Om better fet te krijen op de psychologyske ûntjouwing fan Jilles hie dat faaks wol nijsgjirrich west.

It ein fan it boek, de reis fan Rome nei Almere yn maaie 2002 tsjin

de eftergrûn fan de earste politike moard yn Nederlân, falt prachtich gear mei it ferhaal dat him yn Slowakije ôfspilet. It makket dúdlik dat Arjen him noch altyd yn it ferline fêstbyt en in paad nei de takomst út de wei giet. Wylt hy him drok makket om it riedsel fan it heakkekrús by syn freon besiket syn freoninne, dy't thús sit, him fia sms-kes dúdlik te meitsjen dat der yn Nederlân 'in faksist' (side 96) foar it premierskip giet. Op it stuit dat Arjen in beslút nimt oer hoe't er it yn 'e takomst oanpakke sil, wurdt er troch syn freoninne op 'e lêste side fan it boek fia de sms konfrontearre mei 'O god! Ons lief beheersbeestje terug bij af'. In goede karakterisearring fan Arjen dy't Jilles syn libbensstyl ambiearre om wat er sels net wie; in beest. Arjen is krekt it tsjinoerstelde derfan; in boargerman dy't krampeftich besiket in beest te wêzen wat betiden resultaatret yn in suertsje fan in fint.